


In reis nei de moanne

VOYAGES EXTRAORDINAIRES



LES MONDES CONNUS, INCONNUS

JULES VERNE

IN REIS NEI DE MOANNE



Oerset út it Frânsk troch Syt Bakker-Palma
Mei alle oarspronklike gravueres fan
Henri de Montaut en George Roux

Kolofon

ISBN: 978 90 8954 826 9

1e druk 2016

© Skriuwer: Jules Verne

Oersetter: Syt Palma

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8901 AA Ljouwert

Fertaling: Syt Bakker-Palma

Foarmjouwing omslach: Evelien Veenstra

Foarmjouwing binnenwurk: Garmt de Vries

Mei tank oan Bernhard Krauth fan de Dútske Jules Verne Club foar it beskikber stellen fan de gravueres

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

YNHÂLDSOPJEFTE

I	De Sjitferiening	1
II	Foarsitter Barbicane wol wat meidiele	9
III	It gefolch fan Barbicane syn meidieling	17
IV	It antwurd fan de Stjerrewacht yn Cambridge	22
V	It ferhaal oer de moanne	27
VI	Wat net te ûntkennen falt, en wat net mear leaud wurde mei yn Amearika	34
VII	Lofsang op de kûgel	40
VIII	De histoarje fan it kanon	50
IX	De kwestje fan it buskrûd	56
X	Ien fijân op fiifentweintich miljoen freonen	63
XI	Floarida en Teksas	70
XII	Urbi et orbi	78
XIII	Stones Hill	85
XIV	Houwel en troffel	93
XV	It jittersfeest	99
XVI	De Columbiad	104

XVII	In tillegram	113
XVIII	De passazjier fan de <i>Atlanta</i>	114
XIX	In meeting	124
XX	Oanfal en tsjinoanfal	133
XXI	Hoe't in Frânsman in saak regelt	143
XXII	In nije Amerikaanske steatsboarger	153
XXIII	De projektylwagon	159
XXIV	De tilleskoop fan de Rocky Mountains	167
XXV	De lêste details	174
XXVI	Fjoer!	180
XXVII	De loft is berûn	188
XXVIII	In nije stjer	194

TAFRIEL I

DE SJITFERIENING



Yn 'e Amerikaanske Boargeroarloch waard yn 'e stêd Baltimore, midden yn Maryland, in nije feriening mei in soad ynfloed oprjochte. It is rûnom bekend mei hokker wylskrêft it militêre ynstinkt 'm by dat folk fan reders, keaplju en technisy ûntwikkele. De ienfâldichste hannelers staptten oer har toanbank hinne om har foar kapteins, kolonels en generaals út te jaan, sels sûnder de wenstige militêre oplieding fan West Point¹; al rillegau lykwols hiene hja de kriichskeunst like goed yn 'e macht as har kollega's fan it âlde kontinint en behellen hja, lykas sij, oerwinnings troch rij mei kûgels, miljoen, en manlju om te springen.

Mar de Amerikanen koene de Europeanen fral foarby op it mêd fan

¹ Militêre oplieding yn de Feriene Steaten.

de ballistyske wittenskip. It wie net sa dat har wapens better wiene, mar se hiene ûngewoan grutte ôfmjittings en dêrtroch in oant dan ta net earder helle berik. Wat de skoaten oanbelanget – deun by de grûn lâns, fan boppen ôf, frontaal, skean, oan ien wei, of fansiden – hoege Ingelsen, Frânsen en Prusen feitlik neat mear te learen, mar neffens dy enoarme Amerikaanske oarlochsmasinerijen binne har kanonnen, houwitsers en mortieren, suver bûspistoalen.

Soks moat jin net frjemd talykje, Yankees – dy't ta de bêste technisy fan 'e wrâld hearre – binne yngenieurs sa't Italianen fan jongsôf musisy, en Dútsers metafysisy binne. Dan is it net mear as fanselsprekkend dat jo sjen kinne hoe't hja mei har dryste fernimstogens har bydrage oan de ballistyske wittenskip leverje. Dêrom hawwe hja dy ûnbidich grutte kanonnen – hiel wat minder ta nut as naaimasines – mar like fernuverjend, en noch bjusterbaarliker. Wat dat soarte fan dingen oanbelanget binne jo fansels wol op 'e hichte mei de wûndere útfinings fan minsken lykas Parrott, Dahlgreen en Rodman. Mannen fan oansjen lykas Armstrong, Palliser en Treuille de Beaulieu moasten wol respekt hawwe foar har oerseeke rivalen.

Sadwaande waard yn dy skriklike striid fan de noardlike Feriene Steaten tsjin de súdlike, heech by de skutters opsjoen; de kranten fan de Uny wiene útskroeven oer har útfinings, en der wie gjin keapman sa neatich, gjin omstipper sa nayf dat er 'm nachts en deis de holle net brik en berekkenje ûnsinnige kûgelbanen.

No is it sa, as in Amerikaan in idee hat, siket er in twadde Amerikaan dy't er dêrfan dielgenoat makket. As hja mei syn trijen binne, kieze hja in foarsitter en twa sekretarissen. As hja mei syn fjouweren binne, beneame hja in argivaris, en dan funksjonearret it buro. As hja mei syn fiven binne, komme hja as in algemiene gearkomste byinoar en wurdt de feriening rjochtsjildich. Sa barde dat ek yn Baltimore. De earste dy't in nij kanon útfûn sleat him oan by de earste dy't it kanon geat, en by de earste dy't dêr in gat yn boarre. Dat wie de kearn fan de Sjitferiening. Doe't de feriening in moanne bestie, wiene der al 1833 aktive en 30.575 korrespondearjende leden.

Elkenien dy't lid wurde woe moast perfoarst oan de neifolgjende betingst foldwaan: hy moast in nij type kanon útfûn hawwe, of teminsten ferbetterings oanbrocht hawwe by in bestend type; en as it net in kanon wie, dan mar ien of oar fjoerwapen. Al mei al waarden útfiners fan fyftjinskoatsgewearen, repeteargewearen of sabel-pistoalen lykwols net heech oanslein. De kanonniers wiene har yn alle gefallen oermânsk.

'De wurdearring dy't hja krigen,' sa sei ien fan de wiiste sprekkers fan de Sjitferiening op in dei, 'is sa grut as de massa fan har kanon,



De Sjitferiening waard oprjochte

en like grut as it kwadraat fan it berik fan har projektilen!’

Nog een stapke fierder, en de swiertekreftswetten fan Newton soene moreel tsjut wurde kinne.

Jo kinne je grif wol yntinke wat de geniale fernimstigers fan de Amerikanen yn dat soarte fan saken teweibrocht doe’t de Sjitferiening ienkear oprjochte wie. De oarlochsmasineryen gongen bûten elke roai, de projektilen fleagen oer tastiene grinzen hinne en splitsten ûnskuldige kuiersers midstwa. Al dy útfinings lieten it beskieden Europeeske oarlochsmaterieel fier efter har. Jo soene soks út de neifolgjende sifers wol opmeitsje kinne.

Foarhinne, yn goede tiden, fleach in kanonskûgel fan seisentritich Ingelske pûnen, op in ôfstân fan sa’n 90 m, dwers troch de flanken fan seisentritich hynders- en achtensechstich minsken hinne. Mar de sjitkeunst stie doe noch yn ‘e berneskuon. Dêrnei waarden de projektilen hieltyd better. It Rodman-kanon, soe mei in kûgel fan in heale ton oer in ôfstân fan sa’n alve kilometer maklik hûndertfyftich hynders en trijehûndert minsken treffe kinne. De Sjitferiening liet sels yn ‘m omgean en meitsje der in feestlike wedstriid fan. Mar al bewilligen de hynders yn dat eksperimint, de manskippen soene der spitigernôch net foar te finen wêze.

Hoe’t it ek wie, it effekt fan dy kanonnen wie tige moarddiedich, en by elk salvo foelen de striders as ieren ûnder de seine. Wat betsjutten ferneamde kûgels lykas dy yn Coutras, dy’t yn 1587 fiifentweintich manlju bûten gefjocht stelde, en dy oare, dy’t yn Zorndorff, yn 1758, fjirtich ynfanteristen deade, en dat Eastenrykske kanon út Kesselsdorf, dêr’t by elke klap santich fijannen delslein waarden ferlike mei sokke projektilen? Wat wiene dat foar bjusterbaarlike skoaten út Jena en Austerlitz dy’t it ferrin fan in fjildslach bepaalden? Yn ‘e federale oarloch hiene jo wol oare sjoen! Yn ‘e striid by Gettysburg rekke in kegelfoarmich projektyl dat troch in lutsen loop sketten waard, hûnderttrijensantich Konfederalisten; en by it passearjen fan de Potomac, stjoerde in Rodman-kûgel twahûndertfyftjin bewenners fan de súdlike Steaten nei in bettere wrâld. In enoarm mortier – troch J.T. Maston útfûn, wichtich lid en sekretaris foar it libben fan de Sjitferiening – is ek it neamen wol wurdich fanwegen it tige moarddiedige resultaat. By syn proefskot deade er ommers trijehûndertsânentritich persoanen – hja barsten útinoar, echt wier!

Wat soe der oan dy op harsels oertsjûgende tallen noch taheakke wurde moatte? Neat. Jo sille dan ek sûnder mis mei de neifolgjende berekking fan de statistikus Pitcairn ynstimme: as jo it tal slachtoffers dat troch kûgels fallen is, diele troch it tal leden fan de Sjitferiening, dan hie elk fan har – tocht him – foar himsels 2.375

minsk en noch in lyts partsje deade.

Wannear't jo sa'n sifer ta je trochkringe litte, dan is it wol dúdlik dat sa'n wittenskiplik genoatskip him inkeld en allinnich dwaande hold mei de ferneatiging fan it minskdom – mei in filantropyske bedoeling, dat wol – en om it wapenark dat hja as ynstruminten fan de beskaving beskôgen, folmakke te meitsjen.

It wie in bûn fan Deadsingels, erfgenamten út 'e hegerein trouwens. Ik moat dêrby sizze dat dy trouwe Yankees har net allinnich oan har begjinsels holden, mar harsels likemin mijden. Dêr hearden ofsieren by, luitenants, kolonels of generaals, militêren fan allerhande rangen en ferskillende leeftiden, guon dy't krekt ûnder de wapens wiene, en de âlderein dy't net by har geskut wei te slaan wie. In soad manlju bleaunen op it slachfjild, har nammen stiene yn it eareboek fan de Sjitferiening, en by dyjingen dy't weromkamen seagen jo by de measten wol tekens fan har ûntsjinstriidbere drystmoedigens. Krukken, houten skonken, keunstearms, heakhannen, rubberen kaken, sulveren skedels, platina noazen, neat ûntbriek oan de kolleksje, en de niisneamde Pitcairn rekkene út dat yn 'e Sjitferiening net earlik ien earm foar fjouwer persoanen beskikber wie, en mar twa skonken foar seis man.

Mar dy drystmoedige skutters seagen net sa nau, en hja fielden har mei rjocht grutsk doe't yn de reportaazje oer in fjildslach omtinken jûn waard oan it feit dat der tsien kear safolle slachtoffers fallen wiene as projektilen dy't dêrfoar ynset wurde moasten.

Op in tryste, jammerdearlike dei lykwols waard de frede troch de oerlibjenden fan de oarloch tekene en holden de knallen sa njonkelytsen op, de mortieren swijden, hja diene de houwitsers in skoftlang de bekbân oan en de kanonnen gongen mei de kop foardel nei de opslachromte. De steapels kûgels yn 'e parken waarden hieltyd heger, de bluodderige oantinkens ferdizenen, de katoenstrûken woeksen útbundich op it sterke lân, de rouklean begûnen sa stadichoan te sliten, lykas ek it fertriet belune, en foar de Sjitferiening bleau it in hiele tastân no't der abslút gjin wurk mear wie.

Guon boddery, stege wurkers, leine har wol wer út op ballistyske berekkenings; hja dreamden noch altyd oer gigantyske bommen en bûtenwenstige granaten. Mar wêrom sokke idele teoryen sûnder de praktyk? De sealen rekken dan ek leech, it hûspersoniel slepte yn 'e bykeamers, de kranten ferskimmelen op 'e tafels, yn 'e tsjustere hoeke wjergalme in tryst, gromjend lûd, en de leden fan de Sjitferiening dy't eartiids sa lûdroftich wiene, en no ta in jammerdearlike stilte twongen waarden, dodden yn, wylst hja dreamden oer platoanysk geskut!

‘It is dochs treurich,’ sei dy bêste Tom Hunter op in jûn wylst syn houten skonken yn ‘e iepen hurd fan de smookeamer ferkoalden. ‘Neat om hannen! Gjinhope! Wat in ientoanich bestean! Wêr is de tiid bleaun dat it kanon jin moarns sa bliid wekker boldere?’

‘Dy moaie tiid bestiet net mear,’ antwurde de fleurige Bilsby wylst er besocht om syn earms te strekken dy’t er net mear hie. ‘Wat joech dat destiids in soad ferdivedaasje! Jo fûnen je eigen houwitsjer út, en dy wie amper getten of jo draafden al om him tsjin de fijân te probearjen; dêrnei gongen jo nei it kamp werom mei in gefoel as waarden jo troch Sherman oanmoedige, of dat jo mei Mc-Clellan fûstke hiene! Mar tsjintwurdich steane de generaals wer efter har toanbank, en – ynstee fan projektilen – ferstjoere hja ûnskuldige balen katoen! Och!, út namme fan ús beskermhillige Berber!, der is gjin takomst mear foar de artillery yn Amearika!’

‘Ja, Bilsby,’ rôp kolonel Blomssberry, ‘it binne bittere teloarstellings! Samar op in dei is it dien mei jins rêstige gewoanten, jo oefenje om mei wapens om te gean, jo ferlitte Baltimore om nei it slachfjild te gean, jo hâlde en drage je as in held, en in jier as twa, trije letter reitsje jo de fruchten fan safolle beswieren fan need kwyd, jo dodzje yn om’t jo neat mear om hannen hawwe, en jo komme yn in jammerlike situaasje telâne en steane dêr mei de hannen yn ‘e bûse.’

Wat er ek sei, de fleurige kolonel prakkesearre der net oer en jou in soartgelikense typearring fan syn wurkleazens, en dochs beskikte hy ek oer bûsen.

‘En gjin inkelde oarloch yn it foarútsicht!’ heakke de ferneamde J.T. Maston dêr oan ta, wylst er mei syn izeren heak oer syn guttapersja skedel klaude. Gjinholkje oan ‘e hoarizon, en krekt no’t yn ‘e ballistyske wittenskip safolle te dwaan is! Ik haw fan ‘e moarn sels noch in wurktekening makke – grûnflak, dwerstrochsneed en fertikale trochsneed – foar in mortier dat alle oarlochswetten omsmyt!’

‘Is ‘t werklik wier?’ frege Tom Hunter, mei’t er ûnwillekeurich oan de lêste proef fan de earbere J.T. Maston tocht.

‘Stjerrende wier,’ antwurde de man. ‘Mar wêr tsjinnet soks ta, safolle stúdzjes dy’t ta in goed ein brocht wurde, en safolle swierichheden dy’t men oerwûn hat? Giet it dan yn feite net om wurk sûnder watfoar doel dan ek? It liket derop dat de folken fan de Nije Wrâld mei-inoar ôfpraat hawwe dat hja yn frede libje wolle, en ús striidlustige krante *Tribune*¹ komt op it idee om foarsizzings te dwaan oer oankommende rampen dy’t te witen binne oan de skandlike befolkingsoanwaaks!’

¹ Meast fûleindige abolysjonistyske krante fan de Uny.

‘It is wol sa, Maston,’ gong kolonel Blomsberry fierder, ‘dat der yn Europa gauris oer it nasjonaliteitsfraachstik fochten wurdt!’

‘No, en?’

‘No, it is faaks wol mooglik dat wy dêrjinsen wat berikke kinne, en as hja fan ús tsjinsten gebrûk meitsje wolle ...’

‘Miene jo dat?’ rôp Bilsby út. ‘Ballistyk bedriuwe yn it foardiel fan frjemdlingen!’

‘Soks soe yn alle gefallen better wêze as hielendal neat,’ antwurde de kolonel snedich.

‘Sûnder mis,’ sei J.T. Maston, ‘dat soe better wêze, mar ik moat der net oan tinke, sa’n needoplossing.’

‘En wêrom dan net?’ frege de kolonel.

‘Om’t hja yn ‘e Alde Wrâld ideeën oer foarútgong hawwe dy’t yn striid wêze soene mei al ús Amerikaanske gewoanten. Dy lju kinne har net foarstelle dat jo oerbefelhawwer wurde kinne sûnder earst as ûnder-luitenant ûnder tsjinst west te hawwen, dat soe derop delkomme dat jo nea in geskut goed rjochtsje kinne soene as jo de loop fan dat kanon net sels getten hiene! No, sa ienfâldich is it ...’

‘Bespotlik!’ brocht Tom Hunter dêr tsjinyn wylst er mei it brede limmet fan syn mes yn ‘e linings fan syn stoel kerve, ‘en om’t de saken der no sa hannelizze, bliuwt der foar ús oars neat mear oer as tabak te plantsjen of walfisktraan te distillearjen!’

‘Wat blinder!’ rôp J.T. Maston mei útset lûd, ‘soene wy dizze lêste jierren fan ús bestean dan net brûke wolle om ús fjoerwapens te ferbetterjen! Der docht ‘m ommers gjin nije gelegenheid foar om de draachwiidte fan ús projektilen te probearjen! De loft sil net mear ferljochte wurde troch it fjoer út ús kanonnen! Der sil ‘m gjin ynternasjonaal probleem foardwaan dat it ús mooglik makket om de oarloch oan de ien of oare transatlantyske machthawwer te ferklearjen! De Frânsen sille gjin ien fan ús stoomboaten sinke litte en de Ingelsen sille – nettsjinsteande de minskerjochten – noch gjin trije as fjouwer fan ús ûnderdanen akseptearje!’

‘Nee, Maston,’ antwurde kolonel Blomberry, dat lok sil net mei ús wêze! Nee! Gjinnen fan dy ynsidinten sil ‘m foardwaan, en as soks al bart, sille wy dêr sels net fan profitearje! De Amerikaanske gefoeligens ferdwynt mei de dei, en wy falle yn ‘e hannen fan de froulju!’

‘Ja, wy fernederje ús!’ miende Bilsby.

‘En wy wurde fernedere!’ keatste Tom Hunter werom.

‘Soks is allegear mar al te wier,’ heakke J.T. Maston dêr noch ferheftiger oan ta. ‘Der binne redenen by ‘t soad om te fjochtsjen en wy fjochtsje net! Wy sparje ús earms en ús skonken, en dat yn it

foardiel fan minsken dy't net witte hoe't hja dêr mei oan moatte! En harkje ris, men hoecht net sa fier te sykjen nei in oarlochsmotyf, is 't net sa dat Noard-Amearika eartiids fan de Ingelsen wie?'

'Wis en seker,' antwurde Tom Hunter, wylst er breinroer mei de punt fan syn kruk it fjoer yn 'e hurd oppoarke.

'No,' gong J.T. Maston fierder, 'wêrom soe Ingelân op syn bar net ris it eigendom fan de Amerikanen wurde kinne?'

'Soks soe net mear as rjochtfeardich wêze,' murk kolonel Blomberry snedich op.

'Stel dat mar oan de presidint fan de Feriene Steaten foar,' rôp J.T. Maston lûd, 'en jimme sille wol sjen hoe't er jim ûnthellet!'

'Hy sil ús wol net freonlik ûnthelje,' mompele Bilsby tusken de fjouwer toskten troch dy't er noch út 'e fjildslach rêde kinnen hie.

'Dan hoecht er by de nije ferkiezings net op myn stim te rekkenjen!' rôp J.T. Maston lûd, 'op myn earewurd.'

'Ek net op mines,' antwurden de oarlochssuchtige ynfaliden yn koar.

'Hoe dan ek,' begûn J.T. Maston wer, 'as ik net de gelegenheid krij om myn nije mortier op in wier slachfjild te probearjen, sis ik myn lidmaatskip fan de Sjitferiening op en begraaf ik my fuortdaliks yn 'e savanne fan Arkansas!'

'Dan folgje wy dy,' rôpen de freonen fan de drystmoedige J.T. Maston tagelyks.

Wylst de saken der sa hinneleine, begûnen hja har wat langer wat mear op te winen, en it like derop dat de feriening mei gauwens ûntbûn wurde soe, doe't in ûnferwachts barren dy jammerdearlike ramp tefoaren kaam.

De dei nei dat petear al, kriich elk lid fan de feriening in brief mei de neifolgjende tekst:

Baltimore, 3 oktober,

De foarsitter fan de Sjitferiening hat de eare om syn kollega's witte te litten dat er har yn de byienkomst fan de fyfde fan dizze moanne in wichtige meidieling dwaan sil. Dêrom freget er har om alle oare saken dêrfoar te ûnderbrekken en op de útnoeging yn te gean dy't er har hjirby docht.

Mei freonlike groetnis fan har
Impey Barbicane. F. S. F.

TAFRIEL II

FOARSITTER BARBICANE WOL WAT MEIDIELE

De 5de oktober, om acht oere de jûns, sette in kliber folk op 'e sealen fan de Sjitferiening ta, Union Square nûmer 21. Alle leden út Baltimore wiene op 'e útnoeging fan har foarsitter yngongen. De leden dy't earne oars wennen kamen massaal mei de trein, dat it wie smoardrok yn 'e strjitten fan de stêd. En al wie de gearkomsteseal noch sa grut, tal fan dy gelearde minsken hiene gjin plak fine kinnen; hja rûnen dan ek werom nei oanbuorjende sealen oan 'e ein fan de gongen, oant hja op it hiem telâne kamen. Dêr moeten hja it gewoane folk dat tsjin de doarren oankrong, om't elk it gaadlikste plakje bemachtigje woe. Hja woene allegear de wichtige meidieling fan foarsitter Barbicane graach hearre. Hja treaunen, krongen tsjininoar oan en platten inoar op 'e frijmoedige wize sa't kloften minsken dy't grut brocht binne mei it idee fan selsbestjoer har by bysûndere aksjes hâlde en drage.

In frjemdling dy't dy jûns yn Baltimore west hie, soe it net slagge wêze, sels net foar goud, om yn 'e grutte seal te kommen; dy seal wie inkeld en allinnich bestimd foar leden út- of bûten de stêd wei; gjin oarenien koe dêr sitten gean, en de notabelen fan de stêd, de *selectmen*¹, hie 'm tusken hiele bûnen boargers bejaan moatten en hein sa yn 't foarbygean it nijs út 'e grutte seal op.

De ymmins grutte seal liende 'm der lykwols tige foar om je eagen weidzje te litten. Dy grutte romte wie bûtengewoan geskikt foar dat doel. Hege pylders fan oploege kanonnelopen op swiere mortieren dy't it fine frisselwurk fan it ferwulf ûnderstipen; autentyk kantwurk fan getten izer dat mei driuwels yninoar klonken wie. In samling donderbussen, granaatsmiters, heakbussen, karabinen, al dy âlde en moderne fjoerwapens hongen dêr yninoarstringele oan 'e fjouwer muorren. It gas – út in tûzental revolvers dy't yn 'e foarm fan kroanljochters groeppearre wiene – brânde folop, wylst earmbleakers fan pistoalen en lampestanders fan gewearen yn 'e foarm fan in boeket

¹ Troch it folk útkarde riedsleden.

dy skitterjende ferljochting folslein makken. Modellen fan kanonnen, brûnzen proefstikken, fizieren fol dûken, stikkene platen – troch de kûgels fan de Sjitferiening – foarrieden laadstokken en kanonneboarstels, rigen bommen, keatlings fan projektilen, slingers fan granaten, yn ien wurd, al it skuttersark foel yn it each troch de wûndermoaie opstelling, en sa tochten jo dat har wiere bestimming earder dekoratyf as moarddiedich wie.

Op in eareplakje, feilich útstald yn in prachtich moaie fitrine, seagen jo in kostber brokstik út it kanon fan J.T. Maston dat troch de krêft fan it buskrûd brutsen en ferwongen wie.


Oan 'e ein fan de seal stie de foarsitter mei syn fjouwer sekretaresses op in soarte fan balkon. Syn setel – heech op in keunstich montearre ûnderstel fan in kanon – makke diel út fan de machtige foarmen fan in twaentritichtoms mortier; jo koene him yn in bôge fan njoggentich graden hinne en wer bewege, en hy wie sa oan draibouten ophongen dat de foarsitter himsels, lykas by in *rocking-chair*¹, hiel noflik wigelje litte koe as it tige waarm waard. Op it buro – in grut stik plaatizer dat ûnderstipe waard troch seis skipskanonnen – seagen jo in bysûnder smaakfolle inketpôt, makke fan in sjarmant bewurke kartetskûgel, en in skel mei it knallende lûd fan in eksploazje, of, as it sa útkomt, fan in revolver. Under de ferheftige diskusjes wie dy nijmoadrige skel amper by steat en kom boppe it lûd fan dy oerallige mannichte skutters út.

Foar it buro foarmen banken – yn in sigesageline opsteld as stiene se om in bolwurk hinne – in rige ferskânsings dêr't alle leden fan de Sjitferiening sitten gongen, en dy jûns, kin men wol sizze, wie der in soad folk op 'e fêstingmuorren. Hja koene de foarsitter goed genôch om te witten dat er syn kollega's net steurd hawwe soe as it net in uterst wichtige saak oanbelange.

Impey Barbicane wie in kalme, koele en stringe fjirtiger, tige earnstich en gauris yn prakkesaasjes wei; krekt as in kroanometer bestân tsjin elke besiking, net út it lead te slaan. Net sa ridderlik fan geast, wol aventuerlik lykwols, mar ek by syn noedlikste ûndernimmings kaam er altyd mei in praktyske oplossing. Fan kop ta tean in man út Nij-Ingelân, in federalistyske kolonisator, in ôfstammeling fan dy Rûnkoppen út Ingelân dêr't de Stuarts it sa swier mei hiene, en de ûnmeilydsume fijân fan de hege hearen út it Suden, dy âlde Cavaliers, dy keningslju út it memmelân. Koartsein, in tûke Yankee út ien stik.

Barbicane wie ryk wurden yn de houthannel. Nei't er yn 'e oarloch ta direkteur fan de artillery beneamd wie, die it bliken dat er

¹ Skommelstuollen, yn de Feriene Steaten yn 'e moade.



Foarsitter Barbicane

tige fernimstich wie; fanwegen syn dryste tinkbylden droech er der geweldich ta by om it oansjen fan dy wapens te ferheegjen; by proefnimmings wie er ûnskatber.

It wie in man fan middelbere grutte en, – útsûnderlik by de Sjitferiening – hie er syn beide earms en skonken noch. It like wol oft syn skerpe trekken mei tekenark en passer yn syn antlit oanbrocht wiene, en as it wier is dat wannear't jo immen kennen leare wolle, jo him fan siden bestudearje moatte, en jo soene soks by Barbicane dwaan, dan krigen jo it ûnûntstriidbere bewiis fan syn kriich, drystmoedigens en koelbloedigens.

Op dat stuit siet er ûnbeweechlik yn syn stoel, swijend, yn prakke-saasjes wei, yn himsels, beskerme troch syn hege hoed, in swartsiden silinder sa't dy op Amerikaanske hollen as fêtskroeve liket te wêzen.

Syn kollega's stiene om him hinne lûdroftich te praten sûnder dat soks him rekke; hja leine by harsels oer, en joegen har ûnberet oan ûnderstellings oer. Hja namen har foarsitter goed op en besochten om 'e nocht om wat út syn ûnfersteurbere útdrukking op te meitsjen.

Doe't de klok yn 'e grutte seal bolderjend acht oere sloech, kaam Barbicane – as hie er op in springfear sitten – ynienen oerein; it waard rûnom stil en de sprekker naam frijwat plechtich it wurd en sei:

'Bêste kollega's, al fierstente lang binne troch in ûnfruchtbere frede de leden fan de Sjitferiening spitigernôch wurkleas wurden. Nei in perioade fan in pear jier dêr't safolle ynsidinten pleatsfûnen, moasten wy mei ús wurksumheden ophâlde en ynienen op 'e wei nei foarútgong hohâlde. Ik doar it wol oan en rop lûd út dat elke oarloch dy't derfoar soarget dat wy de wapens wer opnimme kinne, wolkom wêze soe ...'

'Ja, oarloch!' rôp J.T. Maston hertstochtlik.

'Harkje, blinder! Skerp harkje!' rôpen hja fan alle kanten werom.

'Mar oarloch,' sei Barbicane, 'oarloch is ûnder de aktuele omstannichheden ûnmooglik, en lit ús ek mar hoopje, bêste striders, dat der noch ferskate jierren ferstrike foar't ús kanonnen wer op it slachfjild bolderje. Wy moatte ús dêrby dellizze, it oer in oare boech smite, en in aktiviteit sykje dy't ús tiid folslein opeasket.'

De gearkomste fielde dat har foarsitter no it wichtige ûnderwerp oansnije soe. Hja harken mei sân pear earen.

'Sûnt in pear moanne, bêste kollega's,' begûn Barbicane wer, 'haw ik my ôffrege hoe't wy yn ús fakgebiet net it ien of oare bysûndere eksperimint ûndernimme kinne passend by de weardichheid fan de njoggentjinde iuw, en hoe't de foarútgong op it mêd fan de ballistyk ús dêrby fan nut wêze kin. Ik haw dus socht, wurke, rekkene, en bin troch myn stúdzjes ta de konklúzje kommen dat wy slagje moatte mei



Gearkomste fan de Sjitferiening

in ûndernimming dy't foar elk oar lân net út te fieren is. Dat plan, al wiidweidich útwurke, sil ik jûn mei jim beprate. It is jim weardich. It is de kroan op de skiednis fan de Sjitferiening, en it sil grif opskuor yn 'e wrâld jaan.'

'In soad opskuor?' rôp in entûsjaste skutter.

'In soad opskuor, yn 'e wiere betsjutting fan it wurd,' antwurde Barbicane.

'Fal him net yn 'e mûle!' klonk it fan alle kanten.

'Ik freegje jim dus, bêste kollega's,' gong de foarsitter fierder, 'om skerp nei my te harkjen.'

Der gong in gemoppel troch de gearkomste. Nei't Barbicane syn hoed mei in fluch gebeart noch fêster op 'e holle treaun hie, gong er kalm fierder mei syn útiensetting:

'Der is, bêste kollega's, gjinien fan jim dy't de moanne noch nea sjoen hat, of dêr alteast noch nea oer praten heard hat. Wês mar net ferheard as ik jim hjir wat fertel oer har dy't ús nachten ferljochtet. Faaks is it foar ús weilein om in Columbus fan dy ûnbekende wrâld te wurden. Besykje my te begripen, stean my safolle as jim kinne by, ik sil jim nei it ûndersyk fan de moanne liede, en har namme sil ferbûn wurde mei dy fan de 36 steaten dy't it grutte lân fan de Uny foarmje!'

'Hoera foar de moanne!' rôp de Sjitferiening yn koar.

'De moanne is al yngeand bestudearre,' gong Barbicane troch; har massa, tichtens, gewicht en folume, har gearstalling, bewegings, ôfstân en har rol yn it sinnestelsel binne sekuer fêststeld; de moanne is sa perfekt yn kaart brocht, dat dy kaarten like goed as sels noch better binne as dy fan de ierde. Der binne ek prachtich moaie foto's fan de moanne¹. Koartsein, men kin mei alles op 'e hichte wêze wat wittenskiplik op it mêd fan de wiskunde, astronomy, geology en optika oer de moanne bekend is; mar oant no ta hat men noch nea direkt kontakt mei de moanne hân.'

Fan klearebare niget en ferheardens rekke de seal danich yn ûnstjoer by dy wurden.

'Stean my ta,' gong er fierder, 'om jim jûn yn in pear wurden yn it sin te bringen hoe't guon hertstochtlike lju dy't har foar tinkbyldige reizen ynskypje litten hiene, bewearde dat hja yn de geheimen fan ús byplaneet trochkrongen wiene. Yn 'e santjinde iuw gong in David Fabricius der grut op dat er mei eigen eagen bewenners fan de moanne sjoen hie. Yn 1649 publisearre in Frânsman, Jean Baudoin, de *Voyage fait au monde de la Lune* troch Dominique Gonzales, in

¹ Sjoch de prachtich moaie foto's fan de moanne dy't Warren de Rue makke hat.